

TINK DY TÛK!

Filosofearje mei berneboeken fan

Max Velthuijs

Bêste bern en learkrêften,

Mei ' filosofearje mei de boeken fan Max Velthuijs' sille jim al filosofearjend wizer wurde oer filosofyske tema's. Neist wrâldkennis leare jimme ek dialogyske en sosjale feardigens en noch folle mear. Gean yn in kring sitten en lis de tinkmat yn it midden.

1. Ynspiraasje: Lês it ferhaal foar.

2. Ferwûnderje: Stel de filosofyske haadfraach dy't sintraal stiet: Wat is...?

3. Filosofearje: Stel in filosofyske startfraach en fier in meartalige filosofyske dialooch troch in sokratyske hâlding oan te nimmen en sokratyske fragen te stellen.

4. Ferankerje: Doch in ofsluting.

Lês, laitsje, tink en praat... tink dy tûk!

*In ynspirearjende groet,
Jolanda Verhoef*

Kolofon

Dizze útjefte is ta stân kommen yn it gearwurkingsprojekt Ynspirearjend Meartalich Underwiis fan it Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid fan NHL Stenden Hogeschool en Cedin.

In spesjaal wurd fan tank giet út nei de learkrêften en studinten dy't dit spul mei harren groep útprebearre hawwe en nei de Provinsje Fryslân foar de finansjele stipe.

Idee, tekst en ûntwerp: Jolanda Verhoef

Earste printinge 2022

www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl

www.tinkdytuk.nl

Ynhâld

- *Wêrom, hoe, wat*
- *Sokratyske fragen en hâlding*
- *1. Wat is ûntdekke?*
- *2. Wat is tiid?*
- *3. Wat is lok?*
- *4. Wat is freonskip?*
- *5. Wat is in kado?*
- *6. Wat is de dea?*
- *7. Wat is leare?*
- *8. Wat is leafde?*
- *9. Wa bin ik?*
- *10. Wat is in frjemdling?*
- *11. Wat is bang wêze?*
- *12. Wat is keunst?*

Wêrom?

Hast wille mei inoar!
Learst gearwurkjen
Learst inoar kennen
Learst kritysk tinken
Learst dysels kennen
Learst dat de wrâld net swart-wyt is
Learst analysearjen
Untwikkelest dyn taal
Learst om goed te sjen
Learst kommunisearjen



Bist mei de Fryske kultuer en aktyf boargerskip
dwaande

HOE?

1. Gean mei de bern yn in kring om de tinkmat sitten
2. Lês it ferhaal fan Kikkert foar
3. Fier in filosofyske dialooch troch in filosofyske fraach te stellen. Nim in sokratyske hâlding oan en stel sokratyske fragen.

Opsje: doch in ferwurking troch in drama of teken aktiviteit.

WAT?

Filosofearje-aktyf boargerskip

Meartaligens-filosofearje-
2xaktyf boargerskip

Kultuer-meartaligens-filosofearje-
3xaktyf boargerskip

Filosofy: freon fan de wiisheid.
Tegearre neitinke oer fragen dêr't we noch
gjin antwurd op hawwe. Troch kritysk te
tinken en de dialooch
oan te gean.



TINK DY TÛK!

jolanda.verhoef@nhlstenden.com



SOKRATYSKE FRAGEN




Ophelderingsfraach:
Kinst dat útlizze,
kinst in foarbyld
jaan, wat bedoelst
mei...?



Bewiisfraach: Wêrom
tinksto dat? Kinsto dat
oantoane? Wêr hasto
dat op basearre?



Tsjinoerstelde-fraach:
Jildt dat ek foar ..? Is dat
altyd it gefal? Kin it
tsjinoerstelde wier
wêze? Stel dy foar dat...?
Wa tinkt wat oars?



Boufraach: Dan jildt
dat ek foar ...? Dan
betsjut dat ..? Ja en
...? De konsekwinsje
is ...?



Konklúzjefraach: Is dêr in
regel foar? Wat hawwe wy
ûntdutsen? Kinsto dit
geartetsje?



Evaluaasjefraach: Hoe gie
it petear? Bisto wizer
wurden? Tinksto no oars?
Hoe wie dyn ynbring?



SOKRATYSKE HÂLDING



Lit de oar skitterje:
Praat koart. Stel
fragen. Fertrou op
elkoars tinkkrêft.



Ik wit dat ik neat wit.
Stean iepen foar in
oare miening, doar
dyn eigen miening te
feroarjen.



**Harkje, wês
nijsgjirrich. Brûk de
krêft fan stilte.**



**Sjoch elkenien
oan.**



**Doar te praten. Fertel
dyn gedachtes en
ideeën.**



**Stel sokratyske
fragen.**



**Folgje de tinkline fan
in oar. Tink mei,
gean fierder op wat
in oar seft.**



**Bliuw by it
filosofyske tema.**



**Praat foaral mei-
inoar, sûnder
beurten.**



Ha wille!



4. *Ofsluting. Fetsje it petear gear en doch in spultsje. Lit trije bern op in rychje stean. De oaren slute de eagen. Meitsje feroarings troch stikken klean fan de trije bern te wikseljen. Wa kin útfine wat oars is?*



Ja Jonge, Nee Juh!

*-Alders kinne better ûntdekke dan bern
-Bisten kinne mear ûntdekke dan minsken*

Tinkeksperiment

Wat ast net mear sjen kinst, kinst dan noch wol wat ûntdekke?

3. *Stel filosofyske fragen (of begjin mei ja jonge, nee juh!):*

- *Wêr is it measte te ûntdekken? (op 'e moanne, op reis, yn dyn holle, yn dyn dreamen, op 'e radio, op tv, yn 'e natuer?)*
- *Meie bern alles ûntdekke?*
- *Kinne bisten yts ûntdekke?*
- *Is ûntdekke altyd goed?*
- *Wat is it ferskil tusken eat sjen en eat ûntdekke?*
- *Is der altyd eat te ûntdekke?*



2. *Stel de fraach:*

-Wat is dyn moaiste ûntdekking?



1. *Wekje de belangstelling fan 'e bern en lês it boek: "Kikker en de horizon"- fan Max Velthuis.*



Wat is ûntdekke?



TINK DY TÛK!



4. *Ofsluting. Fetsje it petear gear en lit de bern tiid ûnderfine. Bygelyks wannear giet de tiid rapper: asto ien minút stil wêze moatst of ien minút rinne moatst?*

Of lit de bern in tiidmasine meitsje



Ja Jonge, Nee Juh!

*-In minút drave giet sneller as in minút stil sitte
-Alles yn 'e natoer hat mei tiid te meitsjen*

Tinkeksperiment

Wat as der gjin klokken mear binne?

3. *Stel filosofyske fragen (of begjin mei ja jonge, nee juh!):*

- *Witte bisten hoe let it is?*
- *Giet de tiid troch en troch?*
- *Giet de tiid altyd rap?*
- *Kinsto tiid befrieze?*
- *Hat alles yn 'e wrâld wat mei tiid te meitsjen?*
- *Wêr bliuwt de dei fan juster?*
- *Bestiet in tiidmasine?*



2. *Stel de fraach:
-Wat is dyn moaiste tiid?*



1. *Wekje de belangstelling fan 'e bern en lês it boek: "Olifant en de tijdmachine"- fan Max Velthuijs.*



Wat is tiid?



TINK DY TÛK!



4. *Ofsluting. Fetsje it petear gear en lit de bern in stien beskilderje sadat it in gelok-stien wurdt.*



Ja Jonge, Nee Juh!

*-In ryk man is lokkiger as in earme man
-Bern binne lokkiger as grutte minsken*

Tinkeksperimint

Wat as elkenien op de wrâld lokkich wie?

3. *Stel filosofyske fragen (of begjin mei ja jonge, nee juh!):*

- *Kin ien allinnich lokkich wêze as hy in klaver mei fjouwer blêden hat?*
- *Kinst oeral lokkich wêze?*
- *Kinst lok keapje?*
- *Bist lokkich ast ryk bist?*
- *Kin in finzene lokkich wêze?*
- *Hast in heit en mem nédich om lokkich te wêzen?*
- *Kinne blommen lokkich wêze?*



2. *Stel de fraach:*

-Wannear bisto lokkich?



1. *Wekje de belangstelling fan 'e bern en lês it boek: "Klein mannetje vindt het geluk"- fan Max Velthuijs.*



Wat is lok?



TINK DY TÛK!



4. *Ofsluting. Fetsje it petear gear en lit de bern har freonen tekenje.*



Ja Jonge, Nee Juh!

*-Bern ha mear freonen as grutte minsken
-In bern is in bettere freon as in bist
-Heit en mem kinne nea dyn freon wêze*

Tinkeksperimint


Wat as elkenien op de wrâld freonen wie mei elkoar?

3. *Stel filosofyske fragen (of begjin mei ja jonge, nee juh!):*

- *Kinne beammen dyn freonen wêze?*
- *Kin juf dyn freon wêze?*
- *Kinne bisten dyn freon wêze?*
- *Hoe witst as immen dyn freon is?*
- *Moatte freontsjes itselde wêze as dy?*
- *Moatte freontsjes itselde dwaan as dy?*



2. *Stel de fraach:
-Wa is dyn freon?*



Wat is freonskip?



1. *Wekje de belangstelling fan 'e bern en lês it boek: "Klein mannetje helpt een vriend"- fan Max Velthuijs.*



TINK DY TÛK!



4. *Ofsluting. Fetsje it petear gear en stean yn in sirkel. Ofwikseljend jout in bern in kado oan in oar troch it te portrettearjen (swier, ljocht, grut, ...). De ûntfanger lit mei gesichtsútdrukkingen en gebearnten sjen oft hy bliid is mei it kado.*



Ja Jonge, Nee Juh!

*- Bern fine kado's leuker as grutte minsken
- In grut kado is better as in lyts kado*

Tinkeksperimint

Wat as elkenien op de wrâld nea wer in kado krijt?

3. *Stel filosofyske fragen (of begjin mei ja jonge, nee juh!):*

- *Kin in taart in kado wêze?*
- *Kin in tût in kado wêze?*
- *Moat in presintsje jild kostje?*
- *Is in kado itselde as ien ferrassing?*
- *Is in dom kado ek in kado?*
- *Moatte jo in presintsje fertsjinje?*
- *Fynt elkenien itselde kado leuk?*



2. *Stel de fraach:*

- Wat wie dyn moaiste kado?



1. *Wekje de belangstelling fan 'e bern en lês it boek: "Een taart voor kleine beer"- fan Max Velthuis.*



Wat is in kado?



TINK DY TÛK!



4. *Ofsluting. Fetsje it petear gear en lit de bern in fûgel meitsje fan klaai.*



Ja Jonge, Nee Juh!

-De dea is slimmer foar de neibesteanden as foar de deade persoan sels
-De dea is slimmer foar minsken as foar bisten

Tinkeksperiment

Wat as elkenien op de wrâld nea dea giet?

3. *Stel filosofyske fragen (of begjin mei ja jonge, nee juh!):*

- *Wêrom gean bisten dea?*
- *Wannear witst as ien dea is?*
- *Wêr giet ien hinne as hy dea is?*
- *As ien dea is, bestiet dy dan noch?*
- *Kinne stiennen dea gean? En wetter?*
- *Elkenien dy't dea is, wurdt dy begroeven? En bisten?*



2. *Stel de fraach:*

-Hasto wolris in dea fûgeltsje sjoen?



1. *Wekje de belangstelling fan 'e bern en lês it boek: "Kikker en het vogeltje"- fan Max Velthuijs.*



Wat is de dea?



TINK DY TÛK!



4. *Ofsluting. Fetsje it petear gear en lit de bern elkoar wat leare.*



Ja Jonge, Nee Juh!

- Bern kinne better leare as grutte minsken
- Bisten kinne better leare as minsken
- Bern moatte mear leare as memmen



Tinkeksperimint

Wat as der gjin skoallen mear wêze soene, kinst dan noch wol wat leare?

3. *Stel filosofyske fragen (of begjin mei ja jonge, nee juh!):*

- Kin in hûn alles leare?
- Kin in fyts leare te fleanen?
- Kinne beammen wat leare?
- Kinne jo ek wat net leare?
- Wannear bist klear mei learen?
- Kinne jo alles leare wat jo wolle?
- Kinst oeral leare?
- Is alles wat jo leare goed?



2. *Stel de fraach:*

- Wat is it moaiste datst leard hast?



1. *Wekje de belangstelling fan 'e bern en lês it boek: "Kikker is kikker"- fan Max Velthuis.*



Wat is leare?



TINK DY TÛK!



4. *Ofsluting. Fetsje it petear gear en lit de bern in tekening of in boskje blommen meitsje foar immen dy't se leaf fine, krekt lykas Kikkert dien hat.*



Ja Jonge, Nee Juh!

*-Bern binne faker fereale as grutte minsken
-Bisten binne faker fereale as minsken*



Tinkeksperimint

Wat as elkenien op 'e wrâld fereale wêze soe?


3. *Stel filosofyske fragen (of begjin mei ja jonge, nee juh!):*

- *Wérom wurde minsken fereale?*
- *Is fereale wêze leuk?*
- *Kinne bisten fereale wurde?*
- *Kinst fereale wêze tsjinhâlde?*
- *Moatst it fertelle ast fereale bist?*
- *Hoe witst ast fereale bist?*
- *Kinst fereale wêze op in beam?*



2. *Stel de fraach:*

-Bisto wolris fereale west?



Wat is leafde?



1. *Wekje de belangstelling fan 'e bern en lês it boek: "Kikker is verliefd"- fan Max Velthuijs.*



TINK DY TÛK!



4. *Ofsluting. Fetsje it petear gear en lit de bern in tekening fan harren sels meitsje. Besjoch se letter yn de kring en lit de bern riede wa't it is.*



Ja Jonge, Nee Juh!

*- Myn mem is in oare mem as se in oare taal praat!
- Thús bin ik mear mysels as op skoalle!*



Tinkeksperimint

Wat as elkenien op de wrâld der itselde útsjen soe?

3. *Stel filosofyske fragen (of begjin mei ja jonge, nee juh!):*

- *Hoe kinste witte wa asto bist?*
- *Bist in bist?*
- *Wat moatsto kinne om in minsk te wêzen?*
- *Kinsto soms immen oars wêze?*
- *Kinsto wurde watsto sels wolst?*
- *Binsto wat wy sjogge?*
- *As ik myn hier knip, sil it dan noch mines wêze?*
- *Is myn skaad mines?*
- *Wat hat myn memmetaal mei myn ik te meitsjen?*



2. *Stel de fraach:
- Bisto blier my dysels?*



Wa bin ik?




1. *Wekje de belangstelling fan 'e bern en lês it boek: "Kikker is kikker"- fan Max Velthuis.*



TINK DY TÛK!



4. *Ofsluting. Fetsje it petear gear en lit de bern in tekening fan harren sels meitsje. Besjoch se letter yn de kring en lit de bern riede wa't it is.*



Ja Jonge, Nee Juh!

Frjemdingen binne minsken dy't alltyd op reis binne!

Tinkeksperimint

Stel dat d'r nergens mear frjemdingen wiene, hoe soe de wrâld der útsjen?

3. *Stel filosofyske fragen (of begjin mei ja jonge, nee juh!):*

- *Binne frjemdingen smoarch?*
- *Stelle frjemdingen?*
- *Wannear is immen in frjemdling?*
- *Hoe werkensto in frjemdling?*
- *Hoe lang silsto in frjemdling wêze?*
- *Kin immen in frjemdling wêze?*
- *Kinsto in frjemdling foar dysels wêze?*



2. *Stel de fraach:*

- *Hasto wolris in frjemdling moete?*



1. *Wekje de belangstelling fan 'e bern en lês it boek: "Kikker en de vreemdeling"- fan Max Velthuijs.*



Wat is in frjemdling?



TINK DY TÛK!



4. *Ofsluting. Fetsje it petear gear en lit de bern in tekening meitsje oer bang wêzen.*

Of lit de bern yn lytse groepkes in toaniellstikje betinke oer bang wêzen en lit dit oan elkoar sjen.



Ja Jonge, Nee Juh!

*-Bern binne faker bang as grutte minsken!
- In liuw is nea bang!*

Tinkeksperimint

Stel dat gjinien mear bang wêze soe, hoe soe de wrâld der dan út sjen?

3. *Stel filosofyske fragen (of begjin mei ja jonge, nee juh!):*

- *Is it goed om bang te wêzen?*
- *Kinst foar dysels bang wêze?*
- *Meist minsken bang meitsje?*
- *Kinst kieze wêr'tsto bang foar bist?*
- *Kinst bang wêze foar in oare taal?*
- *Kinne robots bang wêze?*
- *Kinne bisten bang wêze?*



2. *Stel de fraach:*

-Bisto wolris bang west?



1. *Wekje de belangstelling fan 'e bern en lês it boek: "Kikker is bang"- fan Max Velthuis.*



Wat is bang wêze?



TINK DY TÛK!



4. *Ofsluting. Fetsje it petear gear en lit de bern in keunstwurk meitsje.*

Of lit de bern yn twatallen om beurt in stânbyld fan elkoar meitsje.



Ja Jonge, Nee Juh!

*- Bern binne gruttere keunstners as grutte minsken!
- Allinich keunst wat yn in museum hinget is keunst!*

Tinkeksperimint

Stel, dyn tekening hinget yn it museum, is it dan keunst?

3. *Stel filosofyske fragen (of begjin mei ja jonge, nee juh!):*

- *Is in skildery sûnder tekening keunst?*
- *Kinst leare om keunst te meitsjen ?*
- *Kinst mei lego keunst meitsje ?*
- *Meie keunstners alles meitsje wat se wolle?*
- *Werom meitsje keunstners keunst?*
- *Wannear bist in keunstner?*
- *Kinne bisten keunst meitsje?*



2. *Stel de fraach:
-Hasto keunst?*



1. *Wekje de belangstelling fan 'e bern en lê's it ferhaal "Krokodil en het meesterwerk" uit het boek: "Het rode kippetje"- fan Max Velthuijs.*



Wat is keunst?



TINK DY TÛK!

Goai, lê, laitsje, tink en praat mei elkoar...tink dy tûk!

Dit boekje is in produkt fan Tink dy Tûk! Alle produkten fan 'Tink dy Tûk!' stean yn it teken fan filosofearje mei bern. Troch mei bern te filosofearjen leare se dat de wrâld net swart-wyt is, dat in oar der oars oer tinke kin en dat dit ok is. De bern leare mei filosofearjen krytysk te tinken, mei elkoar in fraach te ûndersykjen troch te harkjen, te praten en fragen te stellen. Sa wurde se wizer oer harsels, de oare bern en de wrâld.

It boekje 'filosofearje mei de boeken fan Max Veltuijs' kin hiel goed kombinearre wurde mei oare projekten fan Ynspirearjend Meartalich Underwiis. Sjoch dêrom op www.inspirerendmeertaligonderwiis.nl, dêr't alle projekten opstean en meitsje in plan om op in ynspirearjende wize mei Frysk en meertaligens oan de slach te gean.

© 2022, Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid,
NHL Stenden Hogeschool
Rengerslaan 8-10, 8917 DD Ljouwert
lectoraatmg@nhlstenden.com
ISBN 9789082883763 Tink dy Tûk!

Neat út dizze útjefte mei op hokker wize fermannichfâldige wurde sûnder dat dêr skriftlike tastimming fan de gearstallers oan foarôfgiet.

